

## Lytse biografy fan Goasse Doekeles Brouwer (\* St.-Jabik 1955) yn ferbân mei Anthonia Feitsma

Tony Feitsma 'ken' ik fan hûs út, en letter as bestjoerslid fan 'e Ried fan de Fryske Beweging en it Fûûns fwar it Frysk, sûnt de oprjochting. (Omdat ús fizy's op 'e stavering net akkordearden, stapte ik nei in pear jier út dat bestjoer - evensagoed sans rancune fan beide kanten.)

En wy hienen beide in sin by Frysk en Frij fansels. Want wy wienen as frije bouboeredochter en -soan sibben yn it siedzjen en rispien op ús swide fruchtbere taalekers yn in tiidrek fan kealslach op kealslach troch de fergiftige polityk.

'Madame' hat my yn dy jierren betiden behoarlik holpen, sawol yn it profesjonele as persoanlik. Ik haw dizze konfrater yn frijsinnigens sadwaande yngeand kennen leard, mei gemingde gefoelens - dat wie oer en wer trouwens. Twa opperteurs en toch omtrint ienriedich derfoar, hoe is 't mooglik. Ofstannelik? O leave frou Feitsma.

Hoe sjogge se ús letter Goasse? frege se in kear. Ik helle doe it folgjende oan út *Hakon Jarl hin rige* (it Deens wie ús beide eigen). Dat treurspul fan Adam Oehlenschläger út 1807, dat my doe yn 'e besnijing hie en dêr't ik mei har yn alle grappige fleurigens yngeand oer redendielde, giet oer de striid tusken heidendom en kristendom. Dêr seit Thora fan Hakon:

*Han var en ond, en grusom afgudsdyrker!  
Med gysen vil man nævne da dit navn.  
Jeg gyser ikke, thi jeg kendte dig.*

*Hy wie in kwea, in grousom ôfgodstsjinner!  
Mei buver sill' se dan dyn namme neame.  
Ik buverje net, want ik koe dy.*

Ierdappeldolle

*Trettjin oktober út 'e drek  
stjonkend en wol  
fierwei it grutste part  
krekt net ferrotte.*

*Jordi hat sneldyk yn 'e kyk  
en dy wit mear as ik  
nachts roaie dat is folle better  
dan kinne je net om je hinne sjen  
Heare, is it no simmer of al hjerst  
ik lûk de bloeze oer it T-shirt út  
bast hawwe wy de frucht yn helle  
oer 't fjild ropt klokslach seis  
beliedt it hôf  
dêr't muoikes omskot krekt begroeven leit.*